

Temateek

# Snieman

Berber Spliethoff

It is hiel kâld.  
Rins is bûten.  
Hy boartet op it fjild.  
Hy hat wanten oan  
en in mûtse op.

Dan heart er in lûd.  
It binne Jan en Klaas.  
Dat binne grutte jonges.  
Se wenje neist Rins.

'Wy bouwe in snieman', seit Klaas.  
'In hiele grutten.'  
'Ik wol ek in sniepoppe bouwe', seit Rins.  
'Ja, we kinne wol in wedstriid dwaan!' seit Jan.  
'Wy bouwe de grutste!'  
'Haha,' laket Rins, 'nee, ik!'

Rins tinkt nei,  
wa kin mei him bouwe?  
Hy sil Sef freegje.  
Hy draaft nei it hûs fan Sef.  
Sef komt al gau nei bûten.  
Jep komt ek mei.  
'Ik haw de oaren ek belle', seit Sef.  
'Se komme te helpen.'  
'Hoera', ropt Rins.  
'Wy sille winne!'

Dêr komme se oan.  
Silke en Eef rinne.  
Mia en Hidde binne op 'e fyts.  
Se hawwe ek wanten oan  
en in mûtse op.

'We moatte gau begjinne!' seit Silke.  
'Klaas en Jan binne al begûn.'  
Sef makket in sniebal.



Hy rôlet de sniebal oer de grûn.  
Ha, tinkt Jep, leuk!  
Jep hapt yn 'e bal.  
Sef laket.  
Hy smyt in sniebal fuort.  
Jep draaft achter de bal oan.

'Lit my mar', laket Rins.  
Hy rôlet in sniebal oer de grûn.  
Silke pakt ek in sniebal.  
Se rôlje en rôlje.  
De ballen wurde hieltyd grutter.

'Ik krij him net mear foarút', seit Silke.  
'Ik mines ek net', seit Rins.  
'Wy sille helpe!' roppe de oaren.  
Se triuwe en triuwe.  
Wat wurde de snieballen grut!  
'Pff', himet Eef,  
'is dy fan ús al grutter?'  
Se sjogge nei dy fan Klaas en Jan.  
Nee, harren snieman is grutter.

'Kom,' seit Hidde,  
'earst dizze bal rôlje.  
Alle seis tagelyk triuwe.'  
Se triuwe.  
De bal wurdt grutter en grutter.  
'Ja, no is hy grut genôch', ropt Mia.

'Kom, no triuwe we de oare.'  
Se triuwe en triuwe.  
Jep blaft.  
'Jep hat gelyk', seit Sef.  
De snieballen binne klear!

No moat de iene op de oare.  
Se besykje him op te tillen.  
'De bal is te swier', seit Silke.  
'Sa krije we noait in snieman.'



'Hoe giet it hjir?' freget Jan.  
'Jimme hawwe gruttere snieballen', seit Klaas.  
'Goed dien!  
Se sjogge nei de snieman fan Klaas en Jan.  
Ja, dizze ballen binne grutter.

'We krije de holle der net op', seit Rins.  
'Dy is te swier.'  
'Sille wy helpe?' seit Jan.  
'Jaaa!' roppe se.  
Dan tille Jan en Klaas ek mei.  
De holle komt op de sniebúk.

'Hoera!' roppe se.  
'We hawwe in hiele grutte snieman.  
We hawwe allegearre meiboud.  
We hawwe allegearre wûn!'